

De Onniefariant

## Kolofon

ISBN: 978 94 6365 576 7

1e druk: 2023

© 2023 Hilda Talsma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Foto skriuwster: Jolanda Zwaagstra

Haakt hynderke omslach: Tini Schippers

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân  
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opsein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwster en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# De Onniefariant

Hilda Talsma





*Desimber 2021*

Connie rint doelleas hinne en wer troch de kapsalon, dy't alwer sluten is troch in lockdown. Se hat it smoar yn en skopt grimmitch tsjin ien fan 'e learen draaistuollen oan. De stoel draait in slach yn 'e rûnte en stompt har oan 'e kant, sadat se op 'e grûn falt.

'Flikker op, kloatestoel!' Se komt oerein, jout de stoel in huf en dêrnei suchtet se moedeleas.

'It duorret grif net lang en hast dochs alle dagen stikem in pear klanten?' Joop slacht de earms om har hinne en krûpt har oan.

'Ja, Joop! Mar daar gaat et nou niet om. Ik hew skoan myn nocht dat die soepkipen in Den Plaag oans fan et kastke naar de muur sture en ik foël mij niet vrij meer in deze heule toestan. Ik kan myn werk niet fatsoënlijk doën, de geselligheid is furt, de druk om die kloatespuit te nimmen wurdt heeltyd groater en de problemisatie in de maatskappij oek.'

'Polarisaasje, Connie.'

'Ach man, dat fyn ik toch wel su'n dom woord. Der is oek hast gieneen die't weet wat et betekent. Problemisatie begrypt iedereen. En weetst wat ik oek su freeslijk fyn? Dat et allenig nog mar over corona gaat! De ene is bang, de annere boos, na die faksinaties falle de minsen bij bosjes neer, komme der in één keer allemaal freemde klachten en siektes, mar as je der wat fan sêge dan binne je gek of een wuppie!'

'Wappie.'

'Hou dyn kop te seuren, ik bin strontchagrijnig, dus rot mar weer een end op!'

'Sil ik in bakje tee foar dy sette?'

'Ja, lekker.'

‘Komst dan dalik yn ’e hûs? Johanna komt ek.’

‘Echt?!’ ropt Connie entûsjast. ‘Dat wist ik niet!’

‘Se hat niis appt en dêrom bin ik hjir, om dy dat te fertellen. Se hat frij, Hanneke sit op skoalle en se soe wat lekkers meinimme.’

Connie har eagen ljochstje op en se jout Joop in tút op it wang. ‘Sorry, dat ik su’n ferfelend mins bin su nou en dan.’

‘Dat wit ik al salang’t ik my heuge kin,’ laket Joop en hy rint foar har út nei de keuken om tee te setten.

Connie dribbelet achter him oan en mei in djippe sucht giet se ferslein by de keukentafel sitten.

‘Kop op, leave. Ek dit giet foarby.’ Joop set de wettersieder oan en hellet twa kopkes út it keukenkastke.

‘Jou hewwe maklik praten! Jou hewwe gien goëdlopend bedryf dat slute mut.’

‘Follek!’ Johanna rint de keuken yn mei in grutte doaze dy’t se op ’e tafel set.

‘Hoi, pop,’ sizze Joop en Connie yn koar en Connie makket drekt de doaze iepen.

‘Oh kyn, wat skattig!’ âlet se it út.

‘Ja, leuk hin. Hanneke, Ate en ik ha juster cupcakejes makke en Hanneke hat se fersierd.’

‘Dat sien ik. Wat is se creatief, niet? Dat het se fan hur opoe! Ik bin oek su creatief! Must es kike Joop, su skattig! Met al die frolijke kleuren en sprinkeldinkjes ... of hoe’t je et oek mar noeme magge.’

Joop krijt in cakeje en nimt in hapke. ‘Hmm ... se binne hearlik, Johanna. Wat in traktaasje! Bakje?’

‘Ja, lekker.’ Johanna giet tsjin Connie oer sitten en nimt ek in cakeje. Dat jout se oan Connie en se krijt ien foar harsels.

‘Hoe giet it hjir? Mei de nije lockdown en sa?’

‘Niet best! Ik ferfeel mij doad, hew mar een stuk of drie

klanten op een dag. Ik mis et echte leven. En hoe gaat et met dij en et werk in de praktyk?’

‘Goed, it is drok op it wurk. Mar echt, mem, ik wol no net oer koroana prate. Ik ha it der alle dagen al oer op it wurk én thús, mar ik moat no de sinnen efkes fersette.’

Joop set in bakje tee foar Johanna del en aait har oer de wylde reade krollen. ‘Hast grut gelyk, leave. We dogge no gewoan krekt as bestiet it net.’

‘Sil heit de booster ek helje? O, shit! No ha ’k it der alwer oer. Lit mar, ik ha neat sein.’

‘Nee, die het er nog niet haald en ik hew seid dat as er die wel haalt, hij dan oek meteen wel opsokkebolle kan, want ik fyn et al freeslijk dat er die eerste twee prikken kregen het! Ik bin alle dagen bang dat er der sumar doad bij del falle kan want je hore de raarste ferhalen. Kyk mar naar die jonge sporters!’

‘Heit is no net bepaald in jonge fuotballer, mem,’ laket Johanna en se nimt in slokje tee. ‘Lekker, heit.’

‘Ja, dat kan er nog wel, teesette,’ seit Connie feninig.

‘Ik begryp net wêr’t jim jim sa drok om meitsje, want ik ha net in tel lêst hân fan dy spuiten,’ seit Joop. ‘As no elkenien gewoan itselde docht, dan binne we einlings fan dizze ellinde ferlost en kin de kapsalon ek wer iepen. Jimme hâlde it no sels tsjin.’

Johanna sjocht him lilck oan. ‘As heit no ris net allinnich alle dagen de krante lêst en it sjoernaal sjocht, mar ek de appkes lêst dy’t ik trochstjoer, dan begrypt heit miskien wat better wêrom’t wy derop tsjin binne! Mar we soene it der net oer ha!’

‘Dyn fader laat hem fan alles anprate deur mannen in pakken met een eerpel inne strot. As er jonger was, dan hat er een poster boven syn bed hangen fan die landferrader met syn minne geheugen! Die minkukel kan as eerste de soep in!’

‘Wy soene it der net oer ha!’ ropt Joop! ‘En ik lit jim ek foar jimsels beslisse, wêrom mei ik dat dan net?’

‘Omdat jou su dom binne as et achterend fan een peerd en alles foor soëte oranjekeok annimme!’

‘Oer hynders sprutsen ... hoe giet it mei Wildrik?’ Johanna besiket it petear oer in oare boech te goaien, mar Joop rint derby wei en giet nei de keamer.

‘Goëd. Hij het et erg naar ’t sin yn Dútsland bij Lisette hur tante. We kinne hem elk moment fanne dag op ’e webcam bekike as we wille en ik bel hem elke woënsdagavon, mar ik mis myn pannekeok wel, hoor!’

‘Belje mei in hynder?’ Johanna sjocht har mem ris sawat oan. ‘Ik bin niet gek! Hij herkent myn stem en hinnikt as er mij hoort!’

‘Moai dat er dêr gelokkich is, mem. Dus hy is noch hieltyd fan jim?’

‘Ja. We hewwe een regeling bedocht waar we et allemaal met eens binne, pop.’

Johanna bûcht nei har mem ta. ‘Is der wat mei heit? Hy sjocht der sa goed út en eaget eins ek wol hiel fleurich.’

‘Dat komt deur de seks, pop.’

‘Wat?! Hokker seks?’

‘Stt! Niet su lúd. Hij weet niet dat ik et weet.’

‘Wat bedoelt mem?! Giet heit fjemd?’

‘Een soort fan.’

Johanne fearret fan skrik oerein. ‘In soarte fan?!’

‘Ja. Mar ik hew der gien moeite met. Su’t et nou gaat, kan ik der prima met leve.’ Connie nimt noch in cakeje mar foardat se in hap nimme kin, slacht Johanna it har út ’e hannen.

‘Wat bedoelt mem no eins te sizen? Mei wa giet er frjemd, dan?’

‘Kyk, sien,’ flústert Connie geheimsinnich. ‘Bij Saadhandel



Boersma hewwe se se su'n joekel fan een televisie kregen en wij kanne fanút oanze kamer gewoan met hun metkike. Et lykt wel een filmskerm, su groat.'

'Ja ... en? En wat is Zaadhandel Boersma? Ha dy tafallich ek blommiesied foar ús tún?'

'Oanze nieuwe overburen! Twee broers fan een jaar of feertig die't et ene na et annere wiif op besoek krije. Ik dink dat se der stroop op hewwe, want su knap binne se nou oek weer niet.'

'O ... sa, dus gjin blommiesied. Mar wat hat dat mei heit te krijen, dan?'

'Nou, kyk, sien ... dyn fader kwam op een gegeven moment steeds later op bed en su nou en dan was er behoorlijk inne stemming, as je begripe wat ik bedoël. Ik snapte der eerst niks fan, mar ik bin der achterkommen dat die broers regelmatic naer de porno kike met de gerdinen wagewiid open dus de hele straat kan nou metgeniete. Kanst et hele ferhaal folge en dat doët dyn ouwe heer dus oek su nou en dan. Wilst niet wete hoefeul mannen ineens avons laat de hon derút late en hier op straat hangen blive foor een praatsje. Dat sien ik fanút et slaapkamerraam.'

Johanna skodhollet en wiuwt it ferhaal fuort. 'Lit mar, ik hoech fierder neat te witten. Ik bin bliid dat wy op 'e romte wenje.'

Connie docht krekt as heart se it net en fertelt entúsjust fierder. 'Hij het de geest soms weer te pakken en op deze manier skeelt et mij een hoop drukte, ast begrypst wat ik bedoël. Ik kan der oek wel lekker fan slape, mut ik eerlijk sêge, dus ik doën mar net of ik gek bin. En de buren fan hiernaast doën et oek weer. Die slape anne annere kant fan de muur. Nou ja, slape ... Mar ja, een mins mut toch wat útfine, of niet dan! We kanne allemaal wel een fersetsje bruke.'

‘Mem! Jasses noch oan ta!’

‘Doën niet su preuts, Johanna! Jou binne húsdocter! Fan sukke ferhalen krije jou toch gien rooie oren meer? En ferder hew ik et der met gieneen over, hoor. Mar ik sal dij dit sêge; hoe groater de televisies, hoe kleiner it ferstan! En sien naar wie’t der teugenwoordig allemaal su’n joekel inne hús hale dan hou ik myn hart fast foor de toekomst!’

## 2

As Johanna wer nei hûs is en Joop en Connie in stikje bôle iten ha, krijt Connie in klant yn 'e kapsalon. Hoewol't de kapsalon fan 'e dyk ôf net te sjen is, docht se wol alle jaloezyen ticht. In frommeske rint skruten achterom, wylst se noch in pear kear hastich oer it skouder sjocht foardat se de doar iepen docht.

'Gaan sitten, Brenda. Gesellig dat jou der binne.' Connie draait in stoel har kant út en as Brenda de jas ophongen hat, ploft se del.

'Ik hew it gefoël dat een mij achterfolgd het, Connie.'

'Echt waar?! Wie dan?'

'Die man út 'e straat hierachter, die met dat stinkhok.'

'Achterbuurman Cor Knyn?' Connie makket it kleeid fêst en wuollet troch it lange, glânzjende brune hier fan Brenda.

'Selfde resept?'

'Ja, mar et kan wel een bitsje korter as anners, want wie weet hoe lang dit nog duurt en ik fyn et feul te spannend! Ik hew et gefoël dat ik een misdadiger bin nou't ik hier sit.'

'Die hoatemetoaten in Den Plaag binne de misdadigers! Jou hewwe nog nooit een anner kwaad deen!'

'Ik fyn anners wel dat ik swaar in overtreding bin. Ik hew mij in tiden niet su skuldig foëld! Mar ik sien der niet meer út met dat bos haar en ik hew fanavon een zoommeeting waar die leuke kollega oek bij sit. Kanne jou et weer een bitsje in lagen knippe, net as de forige keer? Toen sat et su mooi!'

Connie kamt eerst it hier goed troch en dêrnei spuitet se it in bytsje wiet. 'Nou fertel, wat wú de achterbuurman?'

'Weet ik feul! Hij het et hele end achter mij an lopen. Doadeng!'

‘Miskien gaat er wel naar syn moeke, die weunt hier ferderop inne straat.’ Connie set de skjirre yn it hier fan Brenda, mar dan ynienen wurdt der fûl op it rût kloppe.

Brenda sjit fan skrik wol in heale meter de loft yn, sadat Connie har per ûngelok yn it rjochtereare knipt. Brenda jout in lûde gjalp en springt fan ’e stoel.

‘Sorry! Mar ik kon der niks an doën! Hier, een skoane handoek! Hou die mar even op et oor.’

Connie jout har de handoek oer en rint nei de doar om te sjen wa’t der op it rût kloppe.

‘Niet doën, Connie! Straks is et de plisie en pakke se oans op! Ik weet seker dat die man oans ferraden het! Je kanne niet een mins meer fertrouwe teugenwoordig!’

‘Dat sal wel een slag metfalle en ik sien oek al wie et is. Et binne Bonbon en Janneman en daar sat ik nou bepaald niet op te wachten!’

Bonnie strûst de bykeuken yn. ‘We waren even inne stad bij de Lidl op et Cambuurplein en hadden wel sin in een bakje. Hewwe jou een knipklant? Dan set ik self wel even koffie. Gien drukte, hoar!’

‘Dat is alweer mislukt, mar Joop is wel inne hús. Ik maak dit even af.’

Connie giet werom nei de kapsalon, dy’t oan ’e bykeuken grinzet, mar Brenda hat it kleed ôfdien.

‘Hoe gaat et met dyn oor? En waarom hewwe jou et kleed niet meer om?’

Brenda jout Connie de handoek oer. ‘Ik kan et niet meer handele, Connie! Ik bin su stresst! Ik mut de booster nog hale en ik bin soms su bang om doad te gaan an corona!’

‘Laat dij toch niet su opnaaie, pop! En as jou der echt su bang foor waren, dan kwamen jou hier toch oek niet stiekem te knippen? Ik sal even een pleister pakke want et oor bloedt

weer een bitsje. Gelukkig is et mar een klein sneetsje, ik had dyn hele oor der wel afknippe kunnen!’

Connie krijt in pleister en plakt dy op it ear fan Brenda.

‘Gelukkig kan ik persoanlijk niet een die doadgaan is, mar ik kan wel ferhalen fan ...’

‘Ho!’ ropt Connie strang. ‘Elkeneen kan ferhalen en ik sal seker niet sêge dat die siekte niet bestaat en der sal hier en daar oek best wel es een sneuvele. Mar dat is met de gewoane griep oek su. Se probere oans bang te maken, mar ik trap der niet meer in! As se dit oplosse wille, dan mutte se sorge dat de sorgkapaliteit beter wurdt in plaats fan al die angst en ferdeelberheid te saaien! Meer bedden en minder ambtenaren die’t fan alles ferkondige terwyl se der gien moer ferstan fan hewwe.’

‘Ik kan der niet op die manier met omgaan. Daarom haal ik die booster oek su snel mooglijk. Dan hew ik der teminsten alles an deen. Foor mijselven en foor een anner!’

‘As jou daar gelukkig fan wurde, dan mutte je dat mar doën. Mar hoe komt et met dyn haar? Mut ik et nog afmake?’

Brenda skodhollet. ‘Nee, der is amper wat af en ik sit hier niet op myn gemak. Ik doën wel een klem in myn haar foor de zoommeeting en kom later wel weer es. Eerlijk seid hew ik der oek wel een bitsje moeite met dat jou nog gien één faksinasie had hewwe.’

Connie fielt de frustraasjes hieltyd mear opbrobbeljen, mar se rêdt it op in sunich glimke op it gesicht te forsearjen want se wol gjin klanten ferlieze. ‘Ik mankeer helemaal niks! Daar hoeft echt niet over in te sitten.’

As Brenda de doar út is, smyt Connie mei in môle kop de handoek yn ’e waskkoer en se hinget it kleed oan ’e heak. Underweis nei de keuken komt de rook fan farske kofje

har temjitte en dêr sitte Bonnie en Jan mei Joop om 'e tafel.

‘Wat nou, is se alweer furt?’ freget Bonnie.

‘Ja, met dank an jim. Se docht dat et de plisie was.’

‘Slecht geweten, dus. Dan had se mar niet su dom weze mutten, of niet Jan.’

Connie giet mei in min sin tsjin har suster oer sitten. ‘Wat bedoëlst daar nou weer met, bloemkoal?’

‘Nou, we sitte in een lockdown, dan magge je helemaal niet naar de kapper. Dat doën wij toch oek niet?’

‘Och och och, wat binne jou weer bliid dat je et braafste meiske fan de klas weze kinne, niet? Mar volgens mij sitte jou nou wel bij de kapper inne keuken. Hewwe jou de vijfde booster al haald? Ik sú der mar om dinke, want volgens mij het die eerste der aardig inhakt en is et hard minder wurden met dat bitsje ferstan dat je hadden.’

‘Daar seit één wat!’ Bonnie wiist grimmitch nei Connie, dy’t mei de earms oer elkoar by de tafel sit, klear foar de striid.

‘Weetst Con ... ik bin su klaar met al die asociale minsden die deze crisis niet serieus nimme en bewere dat corona mar een griepke is én gien faksin nimme wille. Of die gewoan mar stikem deurwerke inne lockdown! En ja, daar hore jou oek bij en dat falt mij freesliijk teugen! Ik had docht dat jou slimmer waren. Mar jou binne gewoan een groot gefaar foor de minsheid en de maatskappij! Ik dink teminsten om een anner mar jou dinke allenig an jeself, su as altyd!

‘Froulju, wy soene efkes gesellich kofjedrinke, dochts?’ besiket Joop de boel te sussen. Mei in djippe sucht rint er nei it oanrjocht om de kofjepot te krijen en hy jit de kopkes noch in kear fol.

‘Flikker op met die slappe koffie, man! En jou met dat

domme praat, Bon! Laat mij dan mar een asociale wuppie weze, mar jou binne een onnoazele guppie! Dat je nou nog altyd love wat die pipo met syn puntskunen beweert! Die idioat het betiden ogen as koekepannen in syn bolle harses en hij liegt de hele boël bijmekaar! Weetst wat deze hele fertoaning is, bloemkoal? Een grof skandaal! En su lang as ik leef sal ik never nooit die prik niet nimme! Ik bin baas over myn eigen liif en niet su'n stel malloten út Den Plaa! Die Ruttel mut him oek doadskame! Ik docht eerst dat er et goëd met oans foor had, mar hij het helemaal niet et beste met syn minsen foor, anners sù er wel foor oans rechten opkomme en der niet su in om liege! Fergeet niet dat deze steenezels demissionaris binne deur al die affaires die't se had hewwe! Ik hew mij nog nooit sufeul in de poliegtyk ferdiept as de laatste tiid, mar dat komt oek, omdat elkeneen et der nou over het. En et enige wat die gladjakkers doën is danse naar de pipen fan die Klaas Swabber fan et WNF, de man fan Greet Roset! Dat is de echte groate baas en hij en dat gemene wiif fan hem wille alle macht in hannen nimme en dat is allemaal aan de orde in een nieuwe wereld die't se oans ansmere wille! Ik hew een knipklant en die weet daar alles fan! Hij het mij gustermiddag et hele ferhaal ferteld. As et an Klaas en Greet leit, dan hange wij straks allemaal met oanze siel en saligheid an de computer met wat chips inne han en dan hewwe wij ferder niks meer te freten en al helemaal gien biefstukken en gehaktballen meer, want de boeren mutte oek opsokkebolle, sudat se oans eten oek inne macht hewwe! Dan binne we overleverd! Wat salst dan inne groëntesoep gooie, Bon? Peerdebloemen en kninekeutels?' 'Klaus Schwab is fan it WEF, Connie,' suchtet Joop. De Great Reset is in komplotteory en net de frou fan Schwab. It WNF is ek hiel wat oars. Dêr hearde prins Bernard by.'

‘Oek al su’n halvegare Dútser! Et komt allemaal op et selfde neer!’ ropt Connie lilk. ‘De enige die et spel snapt is die Teddy Ballet fan ’e FNP! Die man weet teminsten wat der echt gaande is! En ik bin dan miskien wel niet soa slim as jim, mar ik foël an myn afwaswater dat et niet deugt wat der nou allemaal gebeurt! Volgens myn knipklant krije we miskien oek nog wel een oorlog met de Russen om oans nog ferder inne afgron te storten.’

‘Baudet? Die rechtse ballebak? Con! Je gaan mij toch hooplijk niet fertellen dat je nou op die foute man stemmen gaan! Dan skaam ik mij echt doad! En jou mutte oek niet su raar prate over Hugo en Mark want ik sù niet wete wie oans anners deur deze krisis leide mutte! Ik fyn dat se et heel goëd doën! Sêge jou es wat, Jan! Waarom komme jou niet wat meer foor mij op! Jou hewwe een skoansuster die’t in complottheorieën looft, je suden je toch doadskame foor su’n mins?!’

Bonnie stompt Jan oan, mar hy skodhollet. ‘Ik bin neutraal! Jim sykje it mar út.’

‘Mooi makkelijk, niet?! Mar jou binne et toch wel met mij eens?’

‘Lit ik it sa sizze, Bonnie ... elkenien moat mar dwaan wat er sels wol. As Connie gjin prippen ha wol en Joop gjin booster, dan moatte se dat sels witte. Krekt sa’t wy ek sels bepale kinne wat wy dwaan wolle. Ik tink dat it net safolle sin hat om sa hurd te wêzen tsjin elkoar en it is ek skande fan ’e tiid.’

‘Mooi is dat! Dus at Joop en Con straks doadgaan an corona dan fine jou dat niet erg? Eigen skuld, dikke bult?! Ik probeer teminsten nog myn best te doën, oek foor een anner!’ Bonnie komt oerein. ‘Ik wil naar hús.’

‘Wij gaan helemaal niet doad an corona en ik kin oek helemaal gieneen die’t doadgaan is an die halvesoalesiekte!



Jimme hewwe meer kans om der doad bij neer te fallen deur die gifspuiten! Hest dij daar wel es in ferdiept, Bon? Gieneen weet wat die dingen op de lange termijn doën met de gesondheid fanne minsen!’

‘Nou, ik kan anners gieneen die doadgaan is an die spuiten mar de kranten staan fol met lui die op de IC lêge met corona en dat binne allemaal ongefaksineerden!’

‘Alles wat inne kranten staat en op et nieuws komt, daar is de helft niet fan waar, hoor! Hier komme sufeul minsen te knippen en ik hoor fan alle kanten dat et wel wat metfalt op de IC’s, dat wil sêge met coronapasjenten. Selfs et personeel dat corona het, is gewoan an et werk! Nou jou weer!’

De Onnies steane as hoannen tsjin elkoar oer mei it boarst foarút en Joop en Jan sjogge fol ferwachting fan ’e iene nei de oare. Jan sil wat sizze, mar Joop maneuvelet dat er him der net mei bemuoie moat.

‘Ik wil gewoan graach dat jim dat faksin nimme, want ik sú et niet ankinne as ik jim oek nog ferlieze mut! Peter doad, jim doad ...’ Bonnie krijt de triennen yn ’e eagen en giet wer sitten. ‘Echt, Con, dat is myn allergroatste angst!’

Connie suchtet ris djip. ‘Onkrúd fergaat niet, Bon, mar ik dink der presies su over. Ik wil niet dat jim doadgaan of een annere freemde krupsie krije deur die spuiten! Gieneen weet wat dat spul met de minsen doët en ik hoor de raarste ferhalen. Et sal je toch mar gebeure en de sterfte het nog nooit su hoog weest, sien mar naar al die rouadvertinsies inne krant. Wat salle se daar een bak geld an ferdiene! Mar ik wil niet dat jim daar binnenkort tussen komme te staan, want ik kan toch oek nog lang niet sonder jim?’ snokkert Connie.

De Onnies falle elkoar gûlend yn ’e earms en Joop kloppet Jan tefreden op ’e rêch.

### 3

‘Moai sa!’ seit Joop optein. ‘No’t jimme derachter binne dat it benammen oer de eangst giet om elkoar te ferliezen, is it allinnich mar better om it der net altyd oer te hawwen! We sjitte der neat mei op en nimmen wit krekt hoe’t it komt. Sûnt ik it nijs amper mear folgje, is it libben in stik rêstiger wurden. Ik ried jim oan itselde te dwaan.’

‘Waar hestou last fan, wiisneus?’ freget Bonnie. ‘Su ken ik dij helemaal niet.’

‘Joop sit in syn tweede puberteit,’ gnysket Connie smout, mar Joop lit har net útprate.

‘It is moai waar, we kinne der wol efkes út.’

‘Mooi weer? Man, et is steenkoud! Jou binne echt fan et padsje!’ Bonnie krijt har jas, dy’t oer de bank hinget. ‘Et het mooi weest, we gaan naar hús.’

‘O ja?’ seit Jan ferheard. ‘Ik ha myn kofje noch net iens op.’ ‘Ik foël an alles dat ik nog feul te emosjoneel bin om een normaal gesprek te foeren en ik wil gien ruzie meer make. Dus súp op die hannel.’

‘Wat doëne we met de kerstdagen, bloemkoal? Hewwe jou daar al over nadocht? Bij Joop en mij of bij dij en Janneman?’

‘Dat sú kanne, dan binne wij met syn fieren en meer mag oek niet. Salle we it dan mar bij oans houwe, Jan?’

‘Bêst. Mar freegje wy de bern dan net? Richard en Sinne mei lytse Jan, Hindrik en Roos, Johanna, Ate en Hanneke ... ik soe it wol hiel gesellich fine as wy it mei-elkoar fiere.’

‘Officieel mag dat niet, Jan.’

‘Wat kin my dat skele! We ha romte genôch en as nimmen klachten hat dan kin der neffens my neat misgean. Wat do, Joop?’

‘Ik soe it ek moai fine,’ seit Joop. ‘Ik ha lytse Jan al in hiel

skoft net sjoen. Hoe giet it mei him? Kin Sinne it wat oan, allegear?’

‘Et is su’n heerlijk jonkje!’ Bonnie har eagen begjinne te skitterjen fan gelok. ‘Wij passe twee dagen inne week op en ik bin helemaal ferliefd! Sinne is een geweldige moeke, hadden wij nooit ferwacht! Mar se doët et heul natuurlijk en Richard is oek stapelgek met syn seun! Hé . . . hoe gaat et met die kleine fan Ewald en Anita fan et Panhús? Een meiske, toch?’

Connie knikt. ‘Ja, kleine Mila. Gaat oek geweldig, mar ik fyn Mila gien naam foor su’n mooi popke! Meer wat foor een stofsuger. Met de club gaat et minder, want ik hew hoord dat Ewald de boël miskien wel ombouwe wil tot appartementen. Hij het syn nocht fan al dit gedoe. En nou’t er fader wurden is, het er annere druktes. Et is su’n leuk stel en se komme nou beide bij mij te knippen.’

‘Suden Roos en Hindrik oek nog es kynders krije?’ freget Bonnie har lûdop ôf. ‘Ik bedoël, se binne al weer een tydsje trouwd en su. En et lykt mij su leuk om overgroatmoeke te wurden!’

‘Bemoei je daar nou mar niet met, Bonbon’, byt Connie har ta. ‘Mar ik sú it oek wel mooi fine as we met de kerst compleet binne. Leuk man, met die kleine ukkepekken derbij.’

‘Nou, weetst wat! Late we dat dan mar doën!’ ropt Bonnie blier. ‘En ik weet oek al wat we ete salle.’

Wylst Bonnie opseit wat se allegear klearmeitsje sil en Jan en Joop mei oandacht lústerje, hat Connie as iennichste yn ’e gaten dat Roos achterom komt. Se sjocht der net sa fleurich út en se skrikt as se Bonnie en Jan sitten sjocht. Dy sitte mei de rêch nei it rût ta, mar Roos dûkt gau wer om ’e hoeke fan ’e bykeuken.

‘Et skiet mij ineens in ’t sin dat ik de krultang niet út et stopkontakt haald hew. Ik bin su terug!’ Connie fljucht

oerein en giet gau nei bûten ta. Roos stiet noch hieltyd om it hoekje en de triennen rôlje har oer de wangen.

‘Wat skeelt deran, pop? Waarom binne jou hier?’

‘Ik moat mei dy prate, mar beppe en Jan meie it net witte. It giet oer Richard.’

‘Se sitte allemaal met de rug naar et raam dus loop mar gau achter mij an naar de kapsalon. Bon en Jan staan op et punt naar hús te gaan.’

As Roos yn 'e kapsalon stiet, jout Connie har in glês wetter. ‘Hier, drink dat eerst mar op, ik kom su gau mooglik! Ik mut eerst die ouwe minsen de deur útwerke.’ Uterlik rêstich giet se wer by de keukentafel sitten en gelokkich hat nimmen wat yn 'e gaten.

‘We binne derút, Con! Et komt goëd met de kerst.’

‘Mooi! Mut ik oek wat make?’

‘Jou wat make? Liever niet,’ seit Bonnie drûch.

‘Ik kan heus wel wat make, hoor.’

‘Ja, een bende, dat kanne jou der as de beste fan make! Mar kanne jou oek wat fegetarisch make? Roosje wil minder flees etc.’

‘Fast wel. Ik sal wel even goochele op de computer.’

‘Ik bin benieuwd. Kom Jan, we mutte nou echt gaan.’

‘Ja, baas.’ Jan komt oerein en helleet de jassen fan 'e bank. Hy hâldt de jas fan Bonnie galant omheech sadat se der sa yn strûpe kin.’

‘Siest dat, Joop?’

‘Wat bedoëlst, Connie?’

‘Niks, laat mar. Ouwe gek.’

As Bonnie en Jan fuort binne, giet Connie gau wer nei de kapsalon. Roos sit ynelkoar dûkt op in stoel, mei de tillefoan yn 'e hannen. Se sjocht der bang en ferslein út. Connie leit in hân op har skouder. ‘Wat skeelt deran, pop?’